

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 39 nûmer 4

febrewaris 2009



Redaksje:

Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Metsje Huitema
Gerard van Asselt
Atty Scheltema
Dirk-Yde Sjaarda

Adres:

Molewâl 4, 8731 AD Wommels
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels
Tywert 4, 8731C L Wommels
Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein
't Heechhiem 1, 8734 GS Easterein
Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein

tillefoan:

0515-332482
0515-331444
0515-333295
0515-332181
0515-332791
0515-331536

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein
Immie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hinnaard
Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Sietske Okkema De Singel 15, 8734HP Easterein
Rudy Dykstra Stapertstrjitte 11, 8731 CA Wommels
Koos Plantinga De Singel 24, 8734 HR Easterein
Enne Jeh. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332500
0515-332149
0515-332570
0515-333134
0515-332221
06-22916180
0515-332448
0515-332013
0515-333005

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat
2^e ponghâlder
Foarsitter jongerein
Lede-administraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken

Jongereinkommisje:

Ab Scheepvaart Geins 24, Wommels
Anco Elgersma Kon. Wilhelminastraat 90, Snits
Fokje Breimer Greate Buorren 13, Kûbaard
Anne Hallema De Singel 19, Easterein
Jan Bouke Bouma Dobbelân 4, Easterein

tillefoan:

0515-332604
0515-851324
0515-331330
0515-332928
0515-532609

funksje:

Algemien lid
Sekretaris
Skriuwster
Algemien lid
Algemien lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1,2 en 3: Gerrit Terpstra
Koördinator SDS 4 en 5: Ids Boersma
Koördinator Futsal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Anke van Asselt
Sekretaresse: Elizabeth Breeuwsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema 0515-333005 Foarsitter
Ab Scheepvaart 0515-332604 Skriuwer
Klaas Okkema 0515-332221 Coördinator A- en B-junioren
Ab Scheepvaart 0515-332604 Coördinator C-junioren
fakatuere Coördinator D-pupillen en keepers
Robert Hoekstra 0515-331190 Coördinator E-pupillen
Anne Hallema 0515-332928 Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur

Emailadres: Douwe Dirk Reitsma foarsitter douweenjetreitsma@hetnet.nl

Sponsorkommisje

Enne Jeh.Bruinsma Shirtsponsoring ennebruinsma@wanadoo.nl
Anne Stenekes Treffer en website
Ype Tiemersma Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Wichard Deinum Wedstrydsponsors
Rinse Joustra Sekretaris
Silvia Hania Algemien lid
Pep de Boer Administraasje

Aktiviteitenkommisje

Oebele Anema Klaas Okkema Eke Sybesma
Geert Hiemstra Gatske Hiemstra Annie Sjaarda

Wedstriidsekretariaat

André en Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein 0515-333134 famviea@hetnet.nl

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein:

Andries Stuilver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872
Harm Bergsma Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein 0515-332476

tillefoan:

Fersoarging materialen:

Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein 0515-332570
Jan de Jong De Streek 10, 8734 GR Easterein 0515-331351

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	G. Orsel, De Streek 7, 8734 GR Easterein	0515-331297
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 55,10	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 39,75	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 94,85	it healjier
A- en B-junioren:	€ 43,75	it healjier
C-junioren:	€ 36,85	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 30,05	it healjier
F-pupillen:	€ 26,05	it healjier
foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting		

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Wichard Deinum (till. 0515-331572).

Stipers

Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: **www.vv-sds.nl**


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Woansdei 1 april

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**



Fan de redaksje

"Yes we can!"

En jim mar tinke dat der neat bard yn sa'n winterstop seker?! No leit it "gewoane" fuotbal dan wol efkes stil, mar der binne gelokkich tal fan oare aktiviteiten wêr't wy (en jimme) wat oer fertelle kinne. Sa is der natuerlik sealfuotballe(Midwintercup) troch sawol de mannen as de froulju. De mannen



hawwe sels dé ploegen Avanti en Exstador ferslein mar kamen dêrnei spitigernôch net de heale finale troch. De froulju troffen it net. Se lotten tige dreech. Hoe en wat fierder: Willem en Aant wienen der by en dogge ferslach. Ek is der wer in snert-rin holden, organisearre troch ús aktiviteitenkommissje. Nei ôfrin wie der de nijjierssit, opfleure mei in fotopuzzel-kwis. Fermaaklik! En mocht it sa wêze dat troch it wite waar it trenen wer ris net troch gean koe, dan waard der wol wat oars betocht lykas pokerje of kaarte!

Mar boppe dat, beskikke wy oer in protte kleurrike minsken, dy't hoe dan ek belutsen binne by ús wyt-swarte klupke. Sy komme foaral oan it wurd yn dizze earste Treffer yn in, hooplik krekt sa'n kleurich, nij jier! Ek dizze Treffer krije wy dus wol fol. ***"Yes, we can!"*** (AS)

Ynhâldsopjefte


Robert oan it
wurd



Wat is dit fan
Margriet ?



Gerard efter de
tralys?



side 6

side 23

side 32

<i>De Treffer.....</i>	<i>1</i>
<i>Fan de redaksje</i>	<i>3</i>
<i>Ynhâldsopjefte.....</i>	<i>4</i>
<i>Fan it bestjoer</i>	<i>5</i>
<i>Kalkje</i>	<i>Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.</i>
<i>Oan it wurd..Robert Sybesma</i>	<i>6</i>
<i>Ofskie nimme fan Harm Bergsma as kalker</i>	<i>10</i>
<i>SDS League: Stân wike 1 twadde helte 2008-2009</i>	<i>11</i>
<i>Alde doaze.....</i>	<i>13</i>
<i>Midwintercup froulju: Entûsjast troch ien doelpunt</i>	<i>16</i>
<i>Kick-Off.....</i>	<i>17</i>
<i>Ljocht op in sponsor:.....</i>	<i>19</i>
<i>Yn de kunde komme mei Frans Stap.....</i>	<i>20</i>
<i>Sibe de Seefûgel.....</i>	<i>22</i>
<i>Persoanlik: Margriet Rienstra</i>	<i>223</i>
<i>Fakatuere</i>	<i>236</i>
<i>SDS'ers derop út</i>	<i>267</i>
<i>Midwintercup manlju: In miste kâns?</i>	<i>30</i>
<i>Yn de skynwerpers.....</i>	<i>301</i>

Gerard	312
Mei de freonlike groeten fan E.P.!	323
Yndieling E en F pupillen.....	34
Yndieling D pupillen / SDS 6	35
Wy Hyve mei	386
Poeisz sponseraksje	398
Trefferkes	39
Aginda/SDS-sjaal.....	40

Fan it bestjoer

At ik dit stikje typ reint it pipestalen en wurdt de fraach al wer aktueel at it sneon troch giet? Oer twa wike (28 febrewari) gean alle teams wer los. Der is in E team bij kommen en in F team. Ek bij de senioaren is der in 6e bij kommen. Lit we der mei syn allen in súkses fan meitsje sadat elts fuotbalje kin. Binnen de sponsorcommisie is ek it ien en oar feroare. Sa binne Rinse Joustra en Wichard Deinum stopt (bedank foar jim jierrenlange ynset) neidat we twa goede feringsters fûn hienen, dit bin Pep de Boer (sekretariaat) en Silvia Hania (wedstriidsponsors). SDS groeit tsjin de ferdrukking yn sa slim dat we der in fjild bij ha moatte. Der wurd no earst ûndersocht wat de mooglikheden binne. Ien dizze dagen komt de contributieronde langs foar it earste healier fan 2009 en ek de faktueren fan de sponsers foar seizoen 2008/2009 geane de doar út. It bestjoer bliuwt wurkjen oan de takomst fan SDS op koarte en langere termyn elts mei syn eigen spesjaliteit. Groetnis Enne Bruinsma.

Kalkje

Harm Bergsma is stoppe mei it kalkjen fan de linen fan de beide fjilden yn Easterein. Fierderop yn dizze Treffer kinne jim dêr mear oer lêze.

In earste oprop foar in opfolger levere gjin reaksje op. In twadde oprop ek net. In praatsje yn de kantine oan de bar levere trije belang stellenden op: Klaas Okkema, Willem Wijnia en Aant Hofstra. Sij woene mei dy

aksje it goeie foarbyld jaan, want it is dochs te gek foar wurden dat hjir gjin minsken foar wêze soene. Nei in nije oprop kamen der wer twa bij: Piet Kempe en Stoffel Bouma. Hark Auke waard fansels fia in sms-ke frege en doe wiene der al 6. It soe hiel aardich wêze dat der noch 2 bijkomme. Dat moat mooglik wêze tinkt ús. San klus moatte je net ophingje oan in inkele persoan. Dêrom ús oprop oan twa frijwilligers om ien kear yn de safolle wiken op freed efkes te helpen mei de linen. Jim kinne jim melde bij Willem Twijnstra.



Oan it wurd..Robert Sybesma



Hy is jierrenlang oanfalslieder west yn SDS 1. Dertroch is hy in bekend gesicht wurden op de Fryske sportfjilden. No is it lykwols miskien in bytsje rêstiger wurden rûnom syn persoan op sportmêd. Dit komt gruttendiels trochdat it liif net mear hielendal meiwurkje wol. We prate oer syn jeugd by SDS, oer syn tiid by vv Snits, SDS 1, trainers en blessuereleed. Dit kear is Robert Sybesma, 33 jier ynmiddels, oan't wurd.

Kampst alwer in lange tiid mei in blessuere. Kinst dêr wat mear oer fertelle?

Ik sukkelje no alwer in flink skoft mei in ljiskblessuere. Dit begong sa'n twa jier lyn, doe krige ik der al wat lest fan. Mar ik gong gewoan troch, siet yn in goede perioade by SDS 1 en hie in basisplak en woe eins net seure om dizze blessuere. Mar op in gegeven momint koe it net mear, want koe hast net mear rinne op it lest.

Doe hat it noch in heal jier duorre foardat se wat fine koenen, der kaam út dat ik in ljiskbreuk hie. Oan de han fan dizze diagnoaze

bin ik juny fan it ferline jier opereart. Doe die echter bliken dat der hielendal gjin sprake fan in breuk wie, mar dat it gong om in groanyske peesûntstekking yn de ljisk.

Hoe giet it op dit stuit mei dy?

Ik bin krekt wer begongen mei fysioterapy. It gong eins best knap yn de leste moannen fan 2008. Ik traine twa kear yn de wike en spile myn wedstriden meastentiids yn it twadde. Fanút it sikehûs hie ik doe it advys krigen om pinestillers te slikken foar trainingen en wedstriden. Dit is my úteinlik ôfrieden troch ús fersoarger Dooitzen Nauta, omdat dit mooglik in ferhege kans op hertproblemen jaan koe. Mar doe krige ik op in gegeven momint wer lest en ha ik wer rest hâlden. En no is it alwer febrewaris.

We geane efkes werom nei it begjin fan dyn karriêre. Wist noch hoe it dy fergong yn it begjin fan dyn karriêre?

Ik siet faak yn it team mei mannen as Bas van der Weij en Robert Hoekstra. Ik makke altiten in protte goals en ha heard dat ik faaks aardich egoïstysk wie.

Doe kaam der in tiid datst by SC Hearrefean traine mochtest.

Ja kloppet, dat wie tidens myn perioade yn de C-junioren. Tegearre mei Gert-Jan (Hiemstra) mochten wy eltse woansdei by SC Hearrefean traine op harren fuotbalskoalle. Helaas rekke ik der yn de B-junioren út omdat ik in lyts

migje bleaun, wêr't myn leeftiidsgenoaten de loft yn skeaten. Dat wie ek wol terjochte. Ik wie te licht en koe my sadwaande net mjitte mei de oaren yn de B-kategory.

Doe dus wer 'fulltime' by SDS dus. Beskriuw ris de tiid dy folge. Yn de A- en B-junioren siet ik yn in team mei Jaap v/d Velde, Lieuwe van der Brug, Harm Stremmer, Robert Hoekstra en Gert-Jan Hiemstra. We hienen doe gewoan in hiel goed team en waarden ek kampioen by de A's en, at ik my it goed

herinnerje, by de B-junioren ek. Yn myn tiid by de A-junioren kin ik my noch herinnerje dat der in Joegoslavyske jonge by ús yn it team siet; Arben. By hie op de sneon fan syn earste fuotbalwedstriid foar it earst yn syn libben fuotbalskuon oan. Myn heit, dy't doe trainer wie, hat him dy sneon ek noch in kertierke mei fuotbalje litten. Nei ôfrin fan de wedstriid stoan hy mei triennen yn de eagen, sa moai fûn hy it. Yn syn heitelân fuotballe hy allinnich mar op strjitte op syn normale skuon.

Mar doe kaam vv Snits (doe Sneek/Hovis) oankloppen. Hoe gong dat? Dat wie yn myn twadde jier by de A-junioren. Klaas Okkema wie dêr

doe trainer fan dizze kategory. Gert-Jan (Hiemstra) siet der doe al in jier. Boppedat wie Klaas al redelik faak myn trainer west yn de jeugd by SDS en dat hie my altiten tige goed foldien. Dat makke foar my de kar wat makkeliker en bin ik der ek hinne gongen.



Hoe hast dyn tiid yn Snits belibbe?

Ik bin der mar ien jier west, mar ik ha it poerbêst nei myn sin han yn Snits. We spilen 3e divyzje en kamen sadwaande by gerenommeerde klups lykas ACV Assen en Hoogeveen. Dat jier waarden we krekt net kampioen mar promovearden dochs

neidat we in beslissingswedstriid wûnen om promoasje. Mei it team klikte it gewoan hiel goed. Ik makke dat jier 26 goals wit ik noch wol, it wie in toptiid.

Do seist datst der mar in jier west bist. Werom gongst derwei?

Oan it ein fan dat seizoen moasten we oer nei de senioaren. We woenen graach nei it earste ta, it leafste net nei it twadde team. Mar we hearden mar noait wat fan de doetiidske trainer fan Snits 1 Aant Bekhof. Doe seinen Gert-Jan en ik tsjin elkoar; we gean wer werom nei SDS. We binne nei de sekretaris fan vv Snits gongen om ús oerskriuwe te litten en doe soe it noch ris in kear heve mei Snits 1.

Mar doe wie it te let en stoen ús beslút al fêst.

Doe dus wer werom nei SDS.

Werom by SDS kaam ik yn it earste mei nammen as Wouter Hylkema, Douw-Durk Reitsma, Jappie Wijnia, Douwe Schaafsma, Jan Weijer, Wichard Deinum en myn broer Peter. Ik spile meast links- of rjochtsbûten. Jappie stoen altiten sintraal yn de spits. We hienen in pear échte liederen yn it team, dat wienen Douwe-Durk en foaral Wouter. At sy wat seinen, dan waard der lústere.

It wie ek in hecht team mei in goede miks fan jongerein en âldere spilers. Ik ha altiten genoaten om mei dy mannen te trainen. Ik ha it der soms noch wol oer mei Douwe Schaafsma. At ik Douwe foarby gong op trainen dan koe ik der fanút gean dat ik dernei ûnderút helle waard. Prachtige ferhalen binne dat.



Jou ris wat ferskillen oan tusken it SDS 1 fan no en dat fan oan it begjin fan dyn tiid by it earste.

Wy hienen doe échte liederen yn it team wêr't hja respekt foar hiene. Ik tink wolris dat dat in bytsje mist wurdt yn it hjoeddeiske team. Dat fyn ik wol in gemis. Derneist ha ik soms ek wol it idee dat it der yn it ferline wat fanatiker oan tagong. Sûnder of te jaan op it team fan no,

mar froeger hienen se der wat mear foar oer ha ik soms wol it idee. Doe waard der net in training ôfsein omdat se leare moasten of sa, nee, dan wienen je der gewoan.

Wol tink ik dat it nivo doe wat leger wie as no. SDS is stadichoan omheech klommen en derom soenen je stelle kinne dat it team no ek better is as doe.

Fan hokker trainer hast do it meast opstutsen?

Fyn ik in moeilyk om in antwurd op te jaan. Fan alle trainers ha ik wol wat leart. Wol bewarje ik goede oantinkens oan de tiid doe Kees Jansen hjir oan it roer stoen. Doe wie it altiten gesellich! Derneist is Lykle Bleekveld wol ien fan de beste trainers dy ik han ha. Hy wist echt in hiel soad of fan it spultsje.

Wat is dyn absolut hichtepunt west as fuotballer?

Dat is de beslissingswedstriid mei SDS 1 om promoasje tsjin It Fean '58. We prate alwer oer de foarige ieu. Ik makke dy wedstriid twa goals en joech ek noch in assist. Hiel Easterein en Wommels wie doe útrûn foar dizze wedstriid en dat joech in hiel aparte sfear om dizze wedstriid. We wûnen mei mar leafst 5-1, dat hat doe in grutte

impact op my han. Ik tink der ek noch regelmjittich oan werom en ha it der noch wolris oer mei Wichard, hy makke dy wedstriid ek twa goals.

Beskriuw ris dyn diiptepunt?

Dan ha ik it net iens oer mysels. Myn diiptepunt is it gefal mei Floris (Hiemstra) fan ferline jier. Ik spile doe mei it twadde in kompetysjewedstriid tsjin Zeerobben yn Harns. Der hearde ik it nijs oer Floris, ik bin noch net faak sá skrokken.

Hast it
gefoel
datst it
maksimale
út dyn
karriêre
helle hast?
Dat kinne
je noait
seker
witte, mar
efterôf hie
ik miskien
wol langer



by Snits bliuwe moatten om te probearjen om yn it earste te kommen. Doe wie ik echt op myn best. Ik ha dernei ek noch wol in pear goede jierren by SDS 1 han. Mar neidat ik yn it leger kaam is it bergafwaarts gongen. Ek it feit dat ik al hiel lang yn ploegetsjinst wurkje hat der foar soarge dat ik lang net altiten traine koe.

Efterôf binne dat miskien wol saken dy der foar soarge ha dat ik net alles derút helle ha.

Hast ek jierrenlang yn de seal fuotballe. Wat fynst no eins moaier; fjild- of sealfuotbal?

Sa'n twa, trije jier lyn soe ik sealfuotbal sizze. Dat fûn ik doe echt prachtich moai. It earste spile doe haadklasse en it twadde team waard kampioen fan de 1e klasse. Ik hie noch graach trochgean wollen mei in kombinaasje fan dizze twa teams. Dan soenen we echt in sterk team hawwe, wêrmei we noch wol heger komme koene sa tink ik.

No makket it my echter minder út,

*ik moat
earst mar
wer ris fit
wurde.*

*Dan
sjogge we
wol wer
fjirder.*

*Wannear
sjogge wy
dy wer
werom op
de SDS-
fjilden as*

fuotballer?

Ik doar net te sizzen wannear ik wer wedstriden spylje kin. Ik ha my wolris faker festpint op in datum, dat wol ik no net. Der wol ik my net mei dwaande hâlde, ik doch dit sûnder haast. Wol hoopje ik dat ik dit seizoen noch wat wedstriden spylje kin.

(DYS)

Ofskie nimme fan Harm Bergsma as kalker

Harm Bergsma kalket de linen by SDS. Hy fynt it no moai west en wol it stokje graach trochjaan. Foar ús in moaie oanlieding om efkes mei Harm yn petear te gean. It is moandeitemoarn, dus Harm is wol op de Skoalleseize te finen.

Hoe lang hawwe je de linen by SDS kalke?

Ik haw noch efkes op de webside sjoen, mar koe it net werom fine. Ik tocht fanôf 2002. Dêrfoar help ik Andrys Stuiver wol gauris mei it kalkjen.

Mei wa kalkje jo altiten?

Meastentiids bin ik allinnich dwaande. Ik begjin om healwei njoggenen en meitsje it kalkapparaat yn oarder. Dêrnei begjin ik mei it iene fjild. As ik dêrmei klear bin dan naam ik faaks in bakje kofje. Dêrnei it oare fjild en healwei tolven wie ik dan hielendal klear.

Hoe faak wurdt it fjild kalke?

Ik die it eltse wike, mar je soenen best in wike oerslaan kinne. Mei nammen as it moai waar is.

Is der ek wat feroare mei doe 't je begûnen as kalker?

Sûn 't 2005 hawwe wy in nij kalkapparaat. Dizze wurket automatysk. Earst moasten je de kalk der altiten foar pompe. No is it in stik noflikker. Je moatte allinnich wol de hiele tiid yn itselde tempo rinne. Hoe langamer je rinne des te witer de line. De kalk is dan allinnich ek earder op.

Hawwe je je nocht fan it kalkjen?

It wurdt my eins wat te swier om eltse freed twa fjilden te kalkjen. Mei nammen as it fjild wiet is dan rint it tige swier. Dêrby moatte je wat hurd rinne en goed bryk om 't je oars oer de line rinne. Ik rûn dêrtroch soms de hiele freed bryk.

Wat dienen je ûnder it kalkjen? Ferskes sjonge?

Nee, dat net. Ik kin net sa folle ferskes. Dan hie it al in psalm wêze moatten. Nee, ik die fierder neat.

Hawwe jo fierders noch wat?

No 't ik net mear kalkje kin ik my hielendal rjochtsje op it hakbollen siede foar sneons. Ik sil it allinnich wol misse om freed's net mear nei de Skoalleseize te kommen. It wie altiten wol gesellich om 't der ek faak wat oare lju wienen. In pear makken de boksen skjin en sa. As je net hoeft te kalkjen dan geane je der ek net sa gau hinne. Fansels kin in nije kalker yn de takomst altiten in berop op my dwaan as hy der net útkomt.

(VW)



SDS League: Stân wike 1 twadde helte 2008-2009

Stand	Vorige stand	Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week 8	Week 9	Week 10	Week 11	Totaal	Prijzen
1	1	Team Toering	J.T.	Ljouwert	50	37	46	34	519	€ -
2	2	Mark Postma	M.P.	Wommels	34	20	42	30	510	€ -
3	4	Tsjeard	T.H.	Leeuwarden	51	20	45	30	507	€ 12,50
4	3	Ozzy	H.E.	Spannum	48	20	38	23	501	€ -
5	5	Gert-Jan Hiemstra	G.J.H.	Easterein	36	19	25	23	499	€ -
6	11	FC Grasmat	E.d.B.	Easterein	45	30	44	38	496	€ -
7	6	FC Trochpakke	P.R.	Wommels	42	19	30	21	494	€ -
8	7	Banzai	A.P.	Wommels	38	11	34	28	494	€ 12,50
9	10	Tom Pieter and the Heartbreakers	T. en P.W.	Wommels	43	21	14	27	489	€ 6,25
10	15	Op naar de top	M.F.	Easterein	36	30	31	28	483	€ -
11	9	Dianna's Choice	T.d.J.	Lollum	48	19	25	19	482	€ -
12	8	Hallo Venray	L.H.	Wommels	39	18	14	18	481	€ 25,00
13	13	Altyd nei foaren	H.R.	Wommels	43	22	30	22	479	€ -
14	14	GVR	F.B.	Easterlittens	28	31	21	22	477	€ -
15	16	P. van P.	P.L.vdV.	Wommels	38	20	26	27	476	€ -
16	12	Tsjippendails	T.K.O.	Easterein	37	16	24	16	473	€ -
17	17	Hey Ho Let's Go	W.W.	Wommels	27	15	26	26	473	€ -
18	20	De Blauwe Bloedworsten	H.E.	Wommels	34	14	26	33	471	€ -
19	19	Super Solo de Boer	E.d.B.	Easterein	39	14	25	24	462	€ 6,25
20	26	Hendrik de Jong	H.d.J.	Wommels	31	22	38	33	459	€ -
21	23	Staal United	R.S.	Wommels	36	21	29	24	458	€ -
22	21	Altyd boppe oan	D.N.	Stiens	23	13	36	22	457	€ 12,50
23	18	FC Ghoochannehjad	P.K.	Easterein	38	16	34	14	455	€ -
24	24	T4T nu ook in Dixons	J.D.	Wommels	41	26	16	28	455	€ -
25	30	Postmeister	J.P.	Wommels	26	16	28	29	452	€ -
26	22	He wattuuh!!	R.en F.B.	Wommels	31	16	42	15	450	€ -
27	34	November Rain	G.A.T.	Easterein	27	15	47	31	449	€ 12,50
28	37	Snipes	W.H.	Wommels	38	21	28	34	449	€ -
29	25	FdH	F.d.H.	Easterein	29	11	20	20	446	€ -
30	32	Scheenbeschermers om	D.S.	Joure	46	25	29	24	444	€ -
31	33	Super 11tal	A.M.H.	Wommels	50	20	31	24	444	€ -
32	31	FC Sjaak Afhaak	S.W.	Wommels	35	24	20	23	443	€ -
33	29	Vakkie 13	E.&J.K.H.	Wommels	23	14	25	19	442	€ -
34	40	Met vallen en opstaan	D.d.J.	Easterein	21	22	32	28	442	€ -
35	38	Klussen is mijn leven	A.F.d.B.	Wommels	37	25	19	27	441	€ -
36	48	De Rufffangers	R.W.	Wommels	22	48	34	40	440	€ 25,00
37	27	It 4 euroteam	S.d.S.	Skrok	28	17	21	14	439	€ -
38	39	Jodan Boys	J.B.	Wommels	50	23	27	23	437	€ -
39	28	Mathor	T.R.&M.R.	Wommels	39	11	20	12	436	€ 12,50
40	35	Bosk United	I.D.	Wommels	34	26	13	17	433	€ -
41	36	Jelsmanian Devils	J.S.J.	Easterein	28	16	29	15	431	€ -
42	41	Eastender Nightmares	S.T.W.	Easterein	34	20	18	17	430	€ -
43	42	The Gunners	D.Y.S.	Easterein	31	23	12	16	428	€ -
44	46	Oebele's alve	O.A.	Mantgum	22	23	27	23	427	€ -
45	44	Naamloos!	H.P.	Wommels	27	12	18	18	424	€ -
46	43	Molmawei	A.R.	Rien	39	15	20	15	423	€ -
47	47	B.A.S.	B.v.d.W.	Easterein	19	16	30	19	421	€ -
48	45	Atletico Easterein	F.R.	Easterein	34	9	16	16	420	€ -
49	51	Bundy	S.v.B.	Ljouwert	25	19	18	25	416	€ -
50	49	De Gesmeerde Bliksem	I.d.B.	Velp	43	16	26	15	410	€ -
51	50	FC De Mannekes	H.A.D.	Easterein	37	12	16	17	409	€ -
52	52	Grensgeval	A.B.	Wommels	28	22	23	17	408	€ -
53	53	Novembers Doom	F.B.	Wommels	32	15	16	17	407	€ -
54	54	De Fla(fli)ppers	H.F.	Hidaard	29	13	13	18	406	€ -
55	55	Achter de Feijten aan	A.F.	Easterein	18	22	18	13	400	€ -
56	61	Christian	C.H.	Easterein	36	17	16	29	400	€ -
57	57	Hertha BSCees	K.A.	Berlyn	36	20	20	17	397	€ -
58	58	Robert Hoekstra	R.H.	Easterein	30	13	21	15	395	€ -

59	60	Fyn sân	J.v.A.	Easterein	33	17	35	21	395	€	-
60	56	Camataru	R.Z.	Easterein	20	10	15	14	394	€	-
61	59	Miss. Mata Harie	A.P.	Wommels	32	17	19	17	391	€	-
62	63	Hoe fier komt Pier?	P.F.	Easterein	27	16	20	22	385	€	-
63	62	Team Pussy	T.S.	Dronrijp	18	21	12	15	379	€	12,50
64	64	SCC(asper)	JdJ	Easterein	24	22	24	12	373	€	-
65	65	Durk Okkema	D.O.	Easterein	20	13	24	12	372	€	-
66	68	Anne Steen nu echt op nr. 1	A.S.	Wommels	20	16	26	20	370	€	-
67	66	De Molshopen	B.F.	Wommels	23	12	21	11	369	€	-
68	69	Happy Feet 2	H.d.H.	Wommels	35	18	39	22	369	€	-
69	67	MJS Mantgum	S.A.	Mantgum	24	9	15	13	367	€	-
70	70	Flyers	T.d.B.	Easterein	22	11	41	17	362	€	-
71	71	Easpânne	M.B.	Easterein	41	9	24	18	361	€	-
72	72	Foarhinne Ponghâlder FC	P.W.	Wommels	17	14	1	15	350	€	-
73	73	De Grasvreters	P.S.	Wommels	17	15	24	13	347	€	-
74	74	The Butchers	L.B.	Easterein	28	11	32	17	345	€	-
75	75	FC Solo	S.d.H.	Wommels	18	12	22	14	341	€	-
76	76	Super Friezen	G.P.	Wommels	23	18	25	21	340	€	-
77	77	Cambuur	H.B.	Easterein	24	17	41	24	337	€	-
78	78	"Sa Sawat"	K.P.	Easterein	44	20	31	30	325	€	-
79	79	SC Hinnaard	I.K.	Hennaard	31	25	28	23	315	€	-
80	80	30Plusteam	A.H.	Wommels	38	15	32	17	291	€	-

In wike letter dan 't wy fan doel wienen koenen wy pas wer los mei de twadde helte fan de SDS League. Troch it minne waar is der de ôfrûne wiken net folle fuotballe yn Easterein. Dit betekent faak ek dat wy der net folle SDS Leagues by krije. Dochs binne der 8 dielnimmers mear as de foarige kear wêrtroch wy op 88 dielnimmers komme.....

Tsjipke Okkema liket it meast op save te gean mei syn team. Hy hat de spilers útsocht dy mei syn allen de measte punten hawwe. Dit binne: Romero(AZ), Granqvist(GRO), Zwaanswijk(NAC), El Akchaoui(NEC), Cornelisse(UTR), Pranjić(HEE), Affelay(PHV), Hofs(VIT), Suarez(AJA), Makaay(FEY) en N'Kufo(TWE). Dizze fuotballers sjogge wy dan ek by in soad teams werom. Dit binne de spilers dy 't it meast sjoen wurde: El Akchaoui(53x)
Pranjić (51x)
Suarez (41x)

Gearard Posthumus liket net foar de prizen te gean. Hy hat it team wat

foar de twadde helte begjint it minste punten hawwe soe. Hy spilet mei: Vorm(UTR), Emanuelson(AJA), Kwakman(NAC), Delorge(ROD), Wisgerhof(TWE), Van de Laak(GRO), Elm(HEE), Schöne(NEC), El Hamdaoui(AZ), Toivonen(PHV) en Nilsson(VIT). Gerard gokt mei nammen op spilers dy 't noch fris binne. Elm, Toivonen en Nilsson binne nei de winterstop pas yn de Nederlânse kompetysje begûn.

Yn de earste wike is it Oebele Anema dy 't de wykpriz pakt. Hy bliuwt mei "Oebele's Alve" de konkurrinsje krekt in puntsje foar.

Eltse wike kinne jim op de webside fan SDS de nijste stân fine. (WW)

Alde doaze

Foar de nijjersresepsje hiene wij in âlde foto út it archyf helle. Dat is der earste foto mei Tsjalke Pander dy't Coen de Jong lokwinskjet mei in kampioenskip.



Op de twadde foto sjogge wij Pander mei de "rest" fan de ploech: net hielendal sichtber Pieter van der Weide, wol sichtber en net stil sa te sjen Ype Tiemersma en hielendal rjochts Oene Bauke Zijlstra en dy liket seker wol op Yward dy't yn E4 fuotballet. (ah)

Noppen en naaldhakken

oer froulju, fuotbal en oare
belangrike saken



Tiny Hoekstra, **de stille kracht.....**

Krekt even foar itenstiid rin ik efkes by de famylje Hoekstra oan om in ôfspraak te meitsjen foar it ynterview mei Tiny. De boerekoal stiet op en tegearre mei Tinus sit se noflik te lêzen foar it houtkacheltsje. Soan Christian skowd ek by, hy yt aanst mei. Wy komme al gau oer SDS oan 'e praat. Logysk, want dizze "Hoekebroeken" binne natuerlik al jierren nau belutsen by de klup. Trije fuotbaljende soannen, Tinus dy't foar de measten net fierder oankundigjen hoecht, en Tiny dus, wêr't it dizze kear om draait.

Moandei, in wike letter. Tiny hat húswurk dien. De plakboeken komme foar it ljocht. Twa boeken mei knipsels en foto's oer SDS, it follybal en oanferwante gebeurtenissen.

Sa komme we der achter dat Tiny sûnt 1991, de kantine is dan krekt iepen en de Stifting Skoalleseize in feit, al meidraait yn 'e kantine. Dêrneist is se in hiele perioade de fêste wasker fan it earste. In dy tiid waard it hiele tenu útwosken, ynklusyf stjonksokken! Ek makket se jierren lang de kantine skjin mei

in tal fan oare frijwilligers. En helpt mei at der tuskentroch wat barre moat.

Tiny wurdt troch Tinus omskreaun as de frou achter de skermen. De sneonen, doe har bern noch lyts wienen, binne fult mei fuotbal en follybal. Dit lêste hat Tiny jierren aktyf beoefene. Dêrneist wie yn dy tiid Tinus de behearder fan de sporthal, en wie dus faaks dêr te finen. It wie belangryk om it spul thús goed foar mekoar te hawwen. "Nee, ik ha nea lieder of sa west, dat soarte dingen liet ik oan Tinus oer".

"Mar se wie minstens sa belangryk", fult Tinus oan, "want ik wie in soad fan hûs... "

"Hast nei 18 jier kantinedraaien net ris sa iets fan, it is moai west?" Tiny: "Sjoch, at ik net te folle hoech te patatbakken, dan hâld ik it noch wol efkes fol! Yn 'e keuken stean is net sa myn ding, ik stean leaver achter de bar. Troch it draaien fan dizze kantinetsjinsten, hâld my ek belutsen by it fuotbal. Kin'k ek meirate no?!" Boppedat ha wy in fêst klupke. Ik stean al jierren mei

Annie(Sjaarda) achter de bar. Der binne oait wolris wat mannen oan ús teheakke, mar die koenen wy nea lang by ús hâlde! Ja, wer dat oan lein hat, ik soe it net witte, haha.

Mar no makket Dukke van der Wey al wer in pear jier ús ploech kompleet.

En hoe is't no mei dyn eigen mannen? "Alle trije ha se wat mei de knibbels hân. Robert fuotballet dertroch hielendal net mear, Marco en Christian spylje sa no en dan yn it 5e. Dêrneist ha se ek noch oare dingen by it ein, sa as trener, lieder, kommisjewurk en sa".

Ik bledderje noch wat yn 'e boeken om. Ik wol net ûnfatsoenlik dwaan, mar bin dôchs wol tige nijsgjirrich. Mar ik mei bêst wol even 'neuze' fan

Tiny. Sa kom ik ek de kaart fan harren trouwen tsjin, mei dêrneist in stikje út 'e krante mei de tekst: *Tinus Hoekstra, bêste man fan it fjild...* Dit is in dei nei harren trouwen, Tinus stie wer gewoan op it fjild...

Ek kom ik in brief tsjin dy't de skjinmakploech fûn doe't ja op in middei yn 'e kantine kaam. In stikje hjir út:



*Wolle jim sa goed wêze
meitsje skjin alle glêzen
Jou de oanrjochtkastkes ek in beurt
want dy binne wat ferkleurd
De bakoven liket min
meitsje dy ek efkes skjin
De húskes binne foarelkoar
lit net efter in nij spoar.....*

It antwurd fan de froulju:
*Alle glêzen ha we wosken
it stof siet ús hast tusken de toskan
De oanrjochtkastkes binne
útnommen
mar we wachtsje wol op de keuken
syn nije kommen
De bakoven is wer sûnder fet
en spoaren op it húske achterlitte
dogge wy net..*

Tiden hawwe
tiden
blykber. Tinus
hat hjoed wer
yn 'e kantine
west. Hy docht
no it
skjinmeitsjen
mei in tal fan
oare mannen.
Sy sopje no de
keukenkastkes
en meitsje de

glêzen skjin...

En Tiny? Dy is en bliuwt de 'stille kracht'. By myn fuortgean giet de tillefoan. Der moatte noch wat ierpels byskylt, ien fan de oare soannen komt iten. "Mar ik bin wat letter hear, want ik moat earst de E's noch efkes trene....."

(AS)

Entûsjast troch ien doelpunt

De froulju fan SDS hawwe dit jier foar it earst mei dien oan it Midwintertoernooi. Under it motto "meidwaan is wichtiger as winne" waarden se ynskreaun en seagen se mei spanning út nei de lotting.



In mindere lotting koe hast net. Net dat der ienich fermoeden bestie dat se in prominente rol spylje soene yn it toernooi, mar it feit dat je yn de pûle sitte bij HZVV út Hoogeveen, de winners fan ferline jier en Hearrenfean (futsal) wie wol in oanslach op it fertrouwen.

De froulju hiene alles perfekt regele. Dûbele sjurtsjes, in flagge foar de grinsrjochter, in grinsrjochter, in koach en genôch spylsters. Mar leafst 10 froulju gyngen mei nei de Wiardahal yn Ljouwert op 4 jannewaris.

Om 19.30 stie de earste wedstriid op ir programma: tsjin HZVV: 8 froulju mei it hier allegear strak yn in hynstesturt en it gesicht ek op strak. Gjin entûsjasme, mar wol in soad doelpunten. Bij SDS wie it oarsom: in soad entûsjasme en gjin doelpunten. Spitich dat it 10-0 waard want dûbele sifers dat wolle je net. Dat mocht net barre!

Yn de twadde wedstriid waard de seal hast ôfbrutsen, want Sieta Tessemaker skoarde foar SDS. De froulju brochten in oantal taktyske oanwizigingen geweldig yn praktyk en lieten sjen dat se der alles oan diene om dy 1-0 fêst te hâlden. Dat slagge krekt net. Twa minuten foar tiid makke Berltsum gelyk. Dochs wie der grutte tefredenheid nei ôfrin fan dizze partij. Der kaam sels optimisme yn de ploech, want mei tsjinstanners as DTD en Ternaard soe der miskien ek wol wat mear yn sitte as in gelykspul.

Earst moast de doelstelling tsjin Hearrenfean noch helle wurde; minder as 10 doelpunten tsjin krije. Dat slagge krekt, it waard 9-0.

Tsjin Ternaard slagge it net sa't it de bedoeling wie. It like wol dat de wurgens tasloech en it wie sneu dat Ternaard wol ien kear skoarde.

Noch ien kear besochten Sipke en Aant in opstelling en in wikselbelied del te setten wat rjocht die oan allegear: allegear genôch spylminuten en in goeie ploech yn it fjild.

De lêste partij, it wie doe al hast healwei alven, moast SDS tsjin de blokte froulju fan Stoffel syn klup (DTD). Helaas siet it net mei en waard mei 5-0 ferlern.

AnneWil Zijlstra rekke yn dizze partij blessearre oan de foet en moast nei it sikehûs foar foto's.

HZVV en Heerenveen gyngen fansels troch nei de finale (dy spilen tsjinelkoar 0-0) en nei SDS waard mei bewûndering sjoen: sa folle entûsjasme en safolle goeie wil. Wiepkje, Marije, Anne-Marije, Neeltsje, Wilma, Sieta, Tarina, Marleen, Sjoukje en Anne Wil hawwe dizze jûn hiel wat leard.

En op de finale dei seagen Marleen en Sjoukje fol belangstelling nei de finale: dy gie tusken (hoe koe it ek oars) Heerenveen en HZVV.

HZVV wûn en dus koene de froulju mei rjocht sprekke fan in minne lotting. (ah)

Kick-Off

In moaie sneontemoarn yn jannewaris. In fochtich fjild. Eetsjes. Dees en Sees. Kâld sjende heiten en memmen, entoesjaste bern en ambitieuze liederen fan SDS. De Kick Off fan SDS-jeugd.

It waard in prachtige moarn wêr't bern sjen litte koene hoe goed se in strafskop nimme kinne (Marten en Egbert moasten regelmjittich langút nei de hoeke) hoe hurd se sjitte koene (in echte snelheidsmjitter fan de KNKB registrearre alles) hoe goed se suver sjitte koene, hoe handich se wiene en hoe goed se meielkoar spylje koene om de partij te winnen.

En nei de tiid wie der fansels foar de winners in priis en foar elkenien patat.

Op www.vv-sds.nl bij jeugd in wiidweidich ferslach mei foto's en filmkes.



Dit wiene de winners bij de D en C ploegen.

Foeke Reitsma, Christiaan Zijlstra, Klaas Bouke Faber, Casper Oukes en Bote Jellema

Bij de E's wie de priis foar: Habtamu de Hoop, Epke Boschma, Jitze van der Meer, Simeon Sybesma en Sybren Bootsma

Bij de snelheidsmeter wiene der yndividuele priizen: Jorrit Veldman bij de E's, Jelle Jan Visser bij de D's en Sjoerd de Vries bij de C's lieten sjen dat sij it hurdste skot yn de fuotten hiene.

(ah)

Yndieling trainingsfjilden

Fanôf it bewarnûmer is der al wer hiel wat feroare binnen SDS.

De yndieling fan de trainingsfjilden sjocht der no sa út:

Efter de sporthal

Foar klaaiboksen

Moandei

19.00 B 20.15 A	16.30 skoal.famkes 18.30 E 1,2.	16.30 E4 17.30 E3
--------------------	---	----------------------

18.30 F1 19.30 Froulju

Tiisdei

18.00 D1 19.00 1 20.00 2 en 3	18.00 C2	18.00 C1 19.00 keepers sen.+ A
-------------------------------------	----------	---

18.00 D2 19.00 famkes

Woansdei

17.30 E 2,3. 19.00 B 20.15 A	17.30 F2,4 18.30 E1,4 20.00 Froulju	18.30 keepers E en F
------------------------------------	---	----------------------------

17.30 F 1,3 18.30 E 1,2.

Tongersdei

18.00 C1 19.00 1 20.00 2 en 3	18.00 D2	18.00 D1
-------------------------------------	----------	----------

18.00 keepers B,C,D,DA,Da 19.00 C2 20.00 4, 5 en 6

Ljocht op in sponsor:

Yn dizze tiid fan it jier is it altyd itselde; wedstriden wurde ôflast, fuotballers ha draaf- yn stee fan fuotbalskuon oan. It waar ha we (noch) net yn de hân, mar oer de fjilden falt te praten. Keunstgers is de trend, soe it by us ea safier komme? As it oan ien fan us boerdsponsors leit tink ik dat it om harren (noch) net hoecht.

Van Abbema kultuurtechnyk (Idaerd) kinne jo ynskeakelje foar; Drinaazje, ûnkrûdbestriding, perkjes en fansels de oanlis en it ûnderhâld fan sportfjilden. It bedriuw komt fan oarsprong ut Arum, mar dêr groeide it ut syn jaske. Sadwaande is no Idaerd (A32 tusken 058 en it Hearrenfean) harren utfalbasis.

By de oanlis en it ûnderhâld fan sportfjilden komt in protte sjen, Van Abbema kultuurtechnyk nimt de folgjende saken:

Vooronderzoek

Een goed aangelegd sportveld en een juist uitgevoerde renovatie begint bij een uitgebreid vooronderzoek. Daarbij kijken we naar:

- » een inventarisatie van uw eisen & wensen;
- » de plaatsbepaling en de terreingesteldheid.

Ontwerp

Aan de hand van deze gegevens maken we een ontwerp van de gewenste situatie. We streven naar een optimale situatie voor zowel de opdrachtgever als de sportvelden-beheerder.

De aanleg

De aanleg of renovatie van een sportveld omvat een aantal

kultuurtechnische werkzaamheden, zoals:

- » opruimen, opschonen en graven van watergangen
- » grondbewerken & egaliseren
- » drainage aanleggen
- » whiz-weelen
- » verschrallen/dressen
- » voorraadbemesten
- » na-egaliseren » beluchten
- » inzaaien en bemesten.

VAN ABBEMA
cultuurtechniek

Nazorg

De aanleg van een sportveld stopt niet met de inzaai. De periode tussen het inzaaien en een sterke grasmat dient nauwkeurig in acht te worden genomen. In deze periode moet de ontwikkeling van de grasmat worden gestimuleerd en onvolkomenheden worden verholpen. Wij controleren volledig de ontwikkeling van het sportveld en nemen direct contact met u op wanneer naar onze mening maatregelen dienen te worden genomen.

Onderhoud

De volgende onderhouds-maatregelen kunnen wij doen:

- » maaien
- » door zaaien
- » verticuteren
- » beluchten
- » dressen
- » onkruidbestrijden
- » beregenen
- » rollen
- » doelgebieden uit- en opvullen
- » egaliseren en herinzaaien van trainingsvelden
- » doorspuiten drainage
- » opschonen watergangen
- » blad- en grasvegen
- » bemesten '

Sjoch foar mear ynformaasje op www.vanabbema.nl (svb)

Yn de kunde komme mei.....



Frans Stap

Der binne in bult frijwilligers by SDS dy 't in soad wurk fersette, mar nea yn de skynwerpers stean. Sa hawwe de keepers fan de E's en de F-kes dit seizoen foar it earst in keeperstrainer. Eltse wike springe, fleane, dûke en bargje dizze keepers ûnder lieding fan Frans Stap yn de drek. Wa is Frans Stap eins. Kin hy sels ek keepe en wat is syn doel eins mei dizze jonge keepers? Heech tiid om him oan de tosk te fjillen.

Kinsto dy sels efkes foarstelle?

Ik woon sinds 1999 in Easterein, samen met mijn vriendin Carin. Sinds een dik jaar in het nieuwbouwplan Boomgaard 3.

Ben 38 jaar en vader van 2 kinderen, dochter Mette 4 jaar en zoon Jorrit van bijna 2.

Ik werk in de geestelijke gezondheidszorg waar ik mensen met psychiatrische en psychosociale problematiek begeleid in het wonen.

Hasto sels ek keept?

Ja, vanaf mijn 8^e tot mijn 21e voor vv St. Anne, en daarbij tijdens en daarna ook voor verschillende clubs/teams in de zaal. De laatste jaren bij WZS uit Sneek tot vorig seizoen.

Wat wienen dyn sterke en minder sterke punten?

Sterke punten; Ik had/heb goede reflexen en ben goed in 1 tegen 1 situaties. Minder sterke punten; Ik had wat moeite met hoge ballen van de zijkant.

Welke jonkjes jousto keeperstraineren?

E'tjes: Epke Boschma

F'jes: Wytse Yntema

Alice Bootsma

Jan Sytsma

Niels Hazewindus

Wat probearest do dy jonges (en famke) by te bringen?

De liefde voor de bal; daarmee bedoel ik dat je de bal altijd graag moet willen hebben. Balgevoel (met de handen vooral), duik/valtechnieken en de juiste positie kiezen.

Hawwe de jonges der wat aardichheid oan?

Dat krijg ik wel van ze terug. Ze zijn enthousiast en fanatiek tijdens de oefeningen en komen tot nu toe iedere week graag.

Wat is dyn favorite keeper yn de Nederlanske kompetysje?

Ben gecharmeerd van Michel Vorm van FC Utrecht. Zeer getalenteerde en komplette keeper.



Hast fanôf lyts ôf oan ek in keeper as grutste foarbyld hân?

Niet echt, maar de eerste waar ik aan moet denken is Stanley Menzo, door zijn enorme reflexen en als goede lijnkeeper. Ook het zicht op het spel van de tegenstander, waarbij hij vaak lange ballen van de tegenstander ver buiten zijn eigen doelgebied wist te onderscheppen, voordat de spits erbij kon.

By de senioaren fan SDS is noch altiten in tekoart oan keepers. Liket it dy net wat om wer te keepen?

Niet op het veld, maar wel in de zaal. Heb hier in de afgelopen jaren ook een aantal malen naar geïnformeerd, maar waren dan al voorzien. 't Is jammer dat er nu helemaal zo weinig animo voor het zaalvoetbal is. Je zou

toch zeggen dat er voldoende jongens te vinden zouden moeten zijn om er 1x per week een avondje voor vrij te maken.

As leste graach noch in reaksje op de folgende “stellingen”:

Stekelenburg of Vermeer?

Toch maar Stekelenburg

Vandenbussche of Steppe?

Vandenbussche

Van der Sar moat trochgean by it Nederlâns alvetal oan 't en mei it WK fan 2010

Eens

Henk Timmer is te âld foar it heechste nivo

Oneens

Tige tank foar dyn meiwurking!

(WW)

Sibe de Seefûgel



Ik haw koart lyn al in kear skreaun oer al dy ûnsinnige ynformaasje dy't jim op de tv krije te sjen bij fuotbalwedstriden. Hoefolle dit en hoefolle dat. Wannear foar it lêste wûn, wannear de lêste korer der yn kopt is, ensf. Bij alle wedstriden krije je yn it skoft en nei de wedstryd te sjen hoe't it mei it balbesit wie. Bijgelyks Ajakkes 63 % it Fean 37% en de útslach 0-1. (dat die mij deugd)

No wie it altyd sa dat de trainer dy't ferlear dan ek wees op it persintage balbesit. "Wij hiene it measte balbesit, dus hiene wij wol wat mear fertsjinne." wie de reaksje meast. Dat wie sa. Sokke redeneeringen geane net mear op. Sûnt de Noor Sollied hjir yn Nederlân wurket en fragen beânderje moat yn it NoarskFlaamsk, giet it allinne noch oer it feit dat der gjin bal besit is. "Mei de bal wiene wij goed, mar sûnder bal wie it neat" sij hij nei in ferliespartij. En omdat Sollied in bûtenlanner is, hiel geleard en ferstruid liket, nimme oare trainers sok praat oer. De bûn fan trainers hawwe dan ek al in foarstel yntsjinne bij de fuotbalbûn om proeven te dwaan mei fuotbal sûnder bal. En och nij is soks net hielendal. Der bestiet ek al soks as loftgitaarspylje. Ek dat dogge je sûnder gitaar.

Fan it fuotbal nei it aaisykjen is mar in lytse stap. Dat aaisikers al sûnder pols en pet op paad geane, mar mei auto en aaisikerskaart, wie al in oanfluiting. No moatte se aansens ek noch mei in mobyltsje de greide yn.

Mei knoffelige fingers sille se gelyk smsse moatte dat se in aai fûn hawwe. Yn Easterein wurdt al tocht oan in sms kursus ûnder lieding fan Harm Auke Dijkstra.

It liket mij tiid foar in grutte feroaring. Aaisykje sûnder aaien.

Dat Faunabehear, ûnder lieding fan in anti Fries, hat al jierren besocht it aaisykjen wol ta te stean mar sûnder aaisikers, mar it wurdt no tiid dat wij as fûgels foar de omkear soargje.

Derom in primeur yn dizze Treffer: der wurde dit jier gjin aaien lein yn de dizze kontrijen. Jim hoege dus net te sykjen. Dat mei wol, mar jim sille neat fine. Dus wolle jim aaisykje sûnder aaien gean jim gong.

At jim it lân no ris net yngeane, dan komt dat SDS tegoeede. Gjin

ôfmeldingen op sneon, omdat je sanedich it lân yn moatte. Dat is de ienige kâns foar it bestean fan SDS 6. Want mei SDS 6 derbij dy't thús wedstriden om 16.30 oere dwaan sil, is de kantine ek wer langer iepen. En sjoch no sels, it binne no krekt de aaisikers dy't dêr it meast en it langst hingjen bliuwe.(SdS)



Persoanlik

Wij stelle jim graach foar oan Margriet Rienstra	
Namme	Margriet Rienstra
Berne	19-12-1985
Wommels, Easterein as....	Easterein, sûnt septimber 2008
Partner	Tjerk Politiek, we wenje sûnt ferline jier tegearre yn Easterein
Oplieding	MBO direksjesekretaresse/managementassistinte
By SDS sûnt	It seizoen 2007/2008
Team	SDS-DA1
Gjin fuotbal, dan...	Hynders! Ik ha eartiids riden mar doch dat op dit stuit net mear
Favorite klup Nederlân	SC Hearrefean en SDS fansels
Favorite klup bûtenlân	FC Barcelona
Beste trainer	Tsjipke-Klaas, Dirk-Yde en Foppe
Beste fuotballer yn Nederlân	Wesley Sneijder
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Cristiano Ronaldo

• Favorite posysje	Rjochtsbûten
• Sterkste punt	Bin frij snel
• Swakste punt	Fuordûke foar de bal
• Moaiste stadion	It Camp Nou-stadion fan myn favorite klup
• Jeugdidoal	Dennis Bergkamp en Dani (wa kin him net mear..) 
• Hichtepunt	Ik wûn ris tegearre mei Tineke it latje-trappen by Tsjipke-Klaas op de training. Wy soenen derfoar noch ris in ferrassing krije, dy is noch nea oankaam... Derneist binne der noch net in hiel protte hichtepunten west, mar dy sille fest yn de takomst noch komme!
• Djiptepunt	Al dy ferliespartijen, foaral dy tsjin Mulier. Dat waard doe mar leafst 24-1 foar Mulier
• Beste eigenskip	Earlik, spontaan en bin to-the-point
• Slechtste eigenskip	Bin wolris wat dwars en miskien wat té direkt
• Boas om	Ûnearlike minsken
• Gelokkich fan	Foarspoed foar mysels en de minsken om my hinne
• Stêd	Barcelona
• Opfallendste aktualiteit	De nije presidint fan Amearika, Barack Obama
• Tillevyzje	'Boer zoekt vrouw' en 'Grey's Anatomy'
• Beste film en acteur	Taken en Brad Pitt

• Musyk	Keane, Kane, Coldplay, Robbie Williams en U2
• Iten	Skep-iis en stampot boerekoal mei spekjes en rookwoarst
• Drinken	In bierke op syn tiid en kofje
• Frije tiid	Alle foarkommende wurksumens mei de hynders by ús thús yn Wommels
• Favoryte fakansjebestimming	Eastenryk, Grikelân en Tanzania, der bin ik yn 2001 mei BNN hinne west foar in televyzjeprogramma mei Bridget Maasland
• Kampioen Eredivisie?	Ik hoopje SC Hearrefean, mar ik tink AZ 
• Van Basten of Van Marwijk?	Van Basten
• Wurd NL wrâldkampioen yn 2010?	Nee, dat sil wol wer Brazilië wurde of sa
• SC Cambuur?	Nee, by Hearrefean hinget der in leukere sfear
• Moaiste sjurt	It Hearrefeanshirt, dat mei dy Fryske flagge fyn ik moai
• Lelijkste sjurt	Cambuur
• Fuotbalskuon	Nike
• Moaiste man	Brad Pitt
• Measte bewûndering foar	Minsken dy't liuwe yn wat se wolle en der ek echt foar gean
• Ambysje	Dat we mei ús team nei ferrin fan tiid better wurde sadat we dan faker winne en dat we sadwaande in gruttere rol fan betekenis spylje kinne yn de kompetysje
• Wolst fierders noch wat kwyt?	Ik ha it tige nei myn sin by SDS, we ha in leuk en gesellich team en de sfear ûnderling is altiten opperbêst!

(DYS)



Voor de afdeling Fictie **Feyenoord** zoeken wij een:
Manager/coach voetbalzaken (M/V)

Functie titel: Manager/coach voetbal(bij)zaken

Bedrijf: Feyenoord is een traditioneel zwakke voetbalclub, welke sinds jaar en dag niets presteert. Tijdens ons 100 jarig bestaan viel er dan ook niets te vieren. Binnen onze divisie “training en ontspanning” zijn de activiteiten de laatste jaren sterk afgenomen. Waarbij wij genoodzaakt waren onze CliniClowns uit hun functie te ontheffen.

Standplaats: Rotterdam

Functie eisen: Wij zoeken naar iemand die geen verstand van voetbal heeft, maar wel gevoel voor humor. Heb je daarnaast enige jaren ervaring in een vergelijkbare functie dan pas je goed binnen ons team. Je hoeft geen kwaliteiten te bezitten daar je anders buiten de boot zou vallen.

Functie inhoud: Binnen het team ben je onze pipo, veel valt er namelijk niet te lachen, dus de humor dient van jou te komen. Een maal per dag ben je verplicht om op een kleiveldje met een groepje losers enige balspelletjes te doen. Je hebt zowel contact met de vaderlandse pers alsmede met enige directieleden (fysieke handelingen niet uitgesloten). Ook zie je er niet tegen op om tegen een hongerloontje wekelijks het gras te maaien.

Binnen de organisatie krijg je volop vrijheid om aan te kloten, waardoor je jezelf verder kunt vernederen. Wij bieden daarnaast de mogelijkheid om cursussen te volgen.

Arbeidsvoorwaarden:

- een lachwekkende functie, waarbij degradatie voetbal een verwrongen feit is.
- primaire en secundaire arbeidsvoorwaarden, passend bij de functie. Door de weeks ben je gewoon vrij, bij Feyenoord wordt namelijk geen Europees voetbal gespeeld.
- wekelijks gratis voetballes.

Reacties: Herken je jezelf in het bovenstaande profiel en ben je benieuwd naar wat Feyenoord jou te bieden heeft, stuur dan een brief voorzien van CV naar:

Stadion Feijenoord N.V.. Van Zandvlietplein 1 3077 AA ROTTERDAM.
Tel: 010-2926822. Fax: 010-4191888.

SDS'ers derop út

Real Madrid – Osasuna

We skriuwe sneontemoarn 17 jannewaris op it fleanfjild fan Eindhoven. Der steane we dan mei ús fjouweren; Wilma Sjaarda, Femke Boersma, Samme Overal en ik. Respektivelik



myn sus, in nicht fan my (en tagelyk tolk) en in soan fan Klaas en Baukje. Dy leste wie yn dizze kwestje in gefal apart. Tongersdeitejûns derfoar sjoch ik fol ferbazing him de fuotbalkantine (of MFC) ynrinnen mei syn gebrûkelike greins op'e holle. Wat blykt; hy hat oardel wike fakânsje en wol dit graach op it feste lân trochbringe dat Easterein en omkriten hjit. Wat hy op dat stuit net wit is dat myn tripke mei myn sus en nicht dat wykein al op it programma stiet. Ik seach syn earen klapperjen en doe wist ik al genôch, hy wol ek mei. Klear, moarns dernei de side fan Ryanair derfoar op de péésée en it die bliken dat it ticket foar in retoerke Madrid wie noch hieltiten beskikber wie. Akkomodaasje wie gjin probleem sjoen it feit dat we in appartemint foar 6 persoanen boekt hienen. Nei de goedkarring fanút Balk, wêr't myn nicht wenhaftich is, waard it ljocht foar Samme op grien setten en gong ék hy foar 5 dagen nei Madrid! Nei de

foarige tripkes nei it Arsenal fan Dennis Bergkamp en it Barcelona fan Frank Rijkaard waard de groep dus útbreiden fan trije nei fjouwer, twa froulju en twa mannen, wol sa earlik.

Yn it fleanútich hienen we al it beslút naam dat we fanôf it fleanfjild

direkt mei de metro nei it enoarme Estadio Bernabeu soene gean, de fuotbaltempel fan Real Madrid mei in kapasiteit fan 80.000. Dit omdat it ferkrijen fan in kaart foar de wedstriid fan de deis dernei tsjin Osasuna dernei 'top priority' wie. Lang hoefden we hjir echter net oer yn te sitten, want lykas by Barcelona wienen der noch genôch kaarten yn de hannel. Earst wie der in hannelsman dy't ús kaarten oanbean. Dizze seach der net hiel betrouber út, dus doe binne we earst mar trochsetten nei it offisjele ticketoffice fan Real Madrid by Gate 42 fan it stadion. Hjir ha we ús tagongsbewiis kocht, rij 9 boppe-op it fjild. We koenen ús gelok net op en mei in 'iets' lichtere beurs setten we koers rjochting ús appartemint yn hartsje Madrid.

Doe brúts de wedstriiddei oan, snein de 18e fan jannewaris. De Spaanske sinne fan de sneon hie dizze snein plak makke foar bewolking, mar dat betekene net ús gemoedstân der ûnder liede.

Krektoarsom, dizze dei soe wierskynlik it hichtepunt fan ús trip betekenje, der moasten we fan genietsje!

It earste fluitsinjaal soe om 17.00 oere klinke. Fansels wienen we al wat earder nei it stadion tagongen om sa de sfear te priuwen. Sa seagen we in lyts groepke Osasuna-supporters it stadion betreden ûnder begelieding fan in hânfol polysje-aginten, mei sommigen op in hynder. Wichtiger wie fansels de fraach hokker Nederlanders der dizze middei yn it wite shirt fan Real Madrid oan de ôftraap

ferskine soenen. Antwurd hjirop foenen we al frij snel yn in krantsje dat útdielt

waard by it stadion. De man yn foarm op dat stuit, Arjen Robben, en Wesley Sneijder mochten fan de nije coach Juande Ramos begjinne. Oanwinst Huntelaar en Van der Vaart moasten genoegen nimme mei in plak op de bank en Drenthe mocht sels plaknimme op de tribune. De 'Keninklike' treedde wol op mei fertroude nammen lykas Raúl, Cassilas, Cannavaro en Ramos.

Tidens de wedstriid die bliken dat de thúsploech net hielendal yn opperbêste dwaan wie. We seagen de nûmer lest yn de Primera

Division Osasuna sels brutaal in 0-1 foarsprong nimmen. Dit net iens tsjin de ferhâlding yn. Foaral Sneijder liet fierstente te min sjen en ek Robben koe gjin potten brekke. It team mocht dan ek ûnder begelieding fan in hels fluitkonsert de kledromte opsykje nei it rêstsinjaal.

Nei de rest barde wat we hoopt hiene. Ús Klaas-Jan en Rafael kamen yn it fjild. Foaral Van der Vaart liet him jilde. Real Madrid waard sterker kaam op 1-1 troch in 'hâldber' ôfstânskot fan Ramos. De

'Hunter' foel wat ûngelokkich yn mar dochs kaam de thúsploech op 2-1 troch de



Argentynske spits Higuain, dit op oanjaan fan Robben. Yn it slot fan de wedstriid mocht Robben sels noch de 3-1 meitsje wêrnei de wedstriid hielendal spiele wie.

In degelike oerwinning soenen je sizze, dochs die dizze wedstriid nochal wat stof opwaaie yn Spanje. Earst wie der de oanhang fan Real Madrid:

“Een gedeelte van de aanhang van Real Madrid is opnieuw met fascistische uitingen in verband gebracht. Afgelopen zondag zou er in het duel tegen Osasuna (3-1)

vanaf de tribunes een aantal leuzen richting de bezoekers zijn gescandeerd. De nationale voetbalbond van Spanje heeft een onderzoek ingesteld.”

Doe waard ek noch de liedsman fan de oanbelangjende wedstriid oanpakt.

Hy drukte nochal syn stimpel op de wedstriid en dan druk ik it noch sêft út:

“De Spaanse voetbalbond heeft scheidsrechter Alfonso

Pérez Burrull voor vier weken geschorst vanwege zijn dramatische optreden bij Real Madrid - Osasuna (3-1). Osasuna claimde tot tweemaal toe tevergeefs een strafschop, bij de stand van 0-0 en 2-1. Op televisiebeelden was duidelijk te zien dat Fernando Gago en Pepe een overtreding maakten, maar Burrull zag niets in de valpartijen van Juanfran. De speler van Osasuna kreeg zelfs zijn tweede gele kaart vanwege een 'schwalbe', waarna de wedstrijd definitief gelopen was.”



Al mei al in belibbenis dy't de dagen dernei de gemoederen yn Spanje dwaande hâlde. Ek in belibbenis wêr't we noch in pear dagen fan nei genietsje koene, want pas de woansdeis fleagen we werom nei it lân fan de tsiiskoppen,

molens, klompen en tulpen. Nei ôfrin fan ús besite oan Spanje, doe't de stofwolken wer wat oplutsen wiene, koene we wol in pear konklúzjes lûke:

Femke praat floeiend Spaansk, wy

lieten har dan ek faaks it wurd dwaan. Dat is en wie wol sa makkelik.

Wilma wol nochris nei Madrid wannear 'har' Ruud (van Nistelrooy) wer wedstriidfit is. Samme is meartalich wurden, want neist it Frys, Nederlâns, Dúts en Ingels kin hy no ek yn it Spaans bier bestelle: “dos cervezas, por favor”.

DYS is ris blessuerefrij werom kommen fan in fuotbalwedstriid, dat kin ek oars sa docht it ferline bliken.

(DYS)

Midwintercup 2009: In gemiste kâns?

Om 't de fjildfuotballers fan SDS 1 mei de finales fan de Midwintercup in wykein derop út gienen en SDS 1 futsal net mear bestiet lei dit jier alles wat oars. SDS gie mei in team nei Frjentsjer wat bestie út jongens dy 't jierren yn SDS 1 futsal fuotbalden (Peter, Harm, Feite en Willem), 2 jonge talinten (Hjalmar en Sytze) en in beste keeper (Jaap). SDS hie op 'e nij swier lotten foar de foarrondes. Sy moasten it opnimme tsjin Holwerd, Exstador(1^e-Divysje Futsal), Avanti(Eredivysje Futsal), Blauw-Wit'34(Haadklasse Futsal) en vv Wergea. Exstador en Avanti wienen yn 2007 noch de finalistien. SDS 1 siet foarich seizoen ek by Blauw-Wit '34 en Avanti yn de poule



Under lieding fan Klaas Okkema gie SDS 1 sûnder al te hege ferwachtingen nei Frjentsjer. Dochs starten sy mei in frij ienfâldige oerwinning (2-0) op Holwerd. Doe 't sy yn de 2^e wedstryd tsjin Exstador al gau mei 1-0 efter kamen like it dien. Om 't der dochs noch ferrassend mei 2-1 wûn waard wie der wer fan alles mooglik. De wedstryd tsjin Blauw-Wyt waard allinnich jammerlik ferlern mei 2-1 en mei it foarútsjoch dat SDS noch tsjin Avanti moast slonken de kânsen op de finalerondes aardich. SDS begie fol goeie moed tsjin Avanti en joech gjin kânsen fuort. It krige sels noch in pear goeie kânsen en Avanti mocht noch bliid wêze dat sy op it lêst net in goal om 'e earen krige. Foar SDS betekene dit lykspul dat

sy alles noch yn eigen hân hiene. SDS soe de lêste wedstryd tsjin Wergea (fan Kees Jansen) winne moatte om troch te gean. Op papier like dit maklik mooglik, mar SDS hie de hiele jûn al muoite om it spul te meitsjen. Tsjin Wergea soe dit al moatte. SDS krige tsjin Wergea allinnich al gau it heft op 'e noas. Wergea die nergens mear foar mei en koe frijút fuotbalje. Sy hongen yn de kont en kamen al mei 1-0 foar. Nei de 1-1 fan Harm gie SDS op syk nei de 2-1. SDS krige knappe kansen, mar slagge net de keeper te passeren. It waard sels 2-1 foar Wergea en nei in reade kaart foar Peter wie it dien foar SDS.

De finalistien fan 2007, Exstador en Avanti, gienen dus troch nei de folgende ronde. Opfallend wie dat SDS júst fan dizze twa ploegen 4 punten pakte...

Yn de finales op sneon wie it úteinlik Friesland 1 dy 't de Midwintercup pakte. Sy wûnen yn de finale fan Urk. Avanti gie der yn de poules al út(tsjin û.o. CSL) en Exstador ferlear yn de kwartfinales ferrassend fan VIOD nei penaltys. Op de finaledei hie der miskien noch wol wat ynsitte kinnen foar SDS besjoen dat knappe futsallers lykas Robert, Dirk-Yde, Skelte, Tsjipke, Jildert, Tsjard en Anne no net meidienen. Hooplik dogge der folgend jier wer gewoan 2 teams mei fan SDS en wurdt der alles oan dien om dy Midwintercup te winnen. As je him ien kear winne kinne dan moat it dochs ek in twadde kear slagje kinne?? (WW)

Yn de skynwerpers

Lykas by SDS hawwe je by oare klups ek minsken efter de skermen dy 't hiel wat wurdich binne foar de klup. Dizze minsken steane faaks fiersten te min yn de skynwerpers. Dizze supporter fan Telstar fertsjinnet it wol efkes om yn de "skynwerpers" te stean:



'Schroevendraaiersupporter' redt avond van Telstar

Hansje Brinker redde ooit, zo zegt de mare, als zoon van een sluiswachter het land van een overstroming, door zijn vinger in een gaatje in de dijk te steken. De koene jongen verdiende én kreeg een standbeeld. Telstar heeft sinds vrijdagavond 23 januari zijn eigen Hansje Brinker: Gerrit de Rijk.

Met een schroevendraaier kreeg hij een stadionlamp weer aan en zo redde hij de club. „Ik stond best onder spanning.”

Terug naar vrijdagavond. De eerste helft van Telstar-VVV is net afgelopen als – paf! – een van de vier lichtmasten het begeeft. De derde keer al dit seizoen, tot nu toe nog zonder gevolgen. Licht en Telstar; het matcht niet echt. In het nabije verleden werden duels tegen MVV en Eindhoven gestaakt omdat het publiek ineens op de tast van de tribune moest klauteren.

Paniek op Schoonenberg dus, en zweet in de handen en op het voorhoofd van de clubbestuurders, kort voor de tweede helft tegen de koploper uit Venlo. Als het probleem niet binnen twintig minuten wordt opgelost, staakt de scheidsrechter de wedstrijd, kan de voetbalclub puntenaftrek krijgen én een forse claim van de KNVB tegemoet zien.

Maar als de spanning oploopt is daar Gerrit de Rijk. Hoofddorper, 49 jaar, Telstar-fan, en storingsmonteur bij stroomleverancier Nuon. Hij staat sinds vrijdag bekend als de man met de lamme arm. De held van Velsen. De schroevendraaiersupporter – die nog geluk had dat hij niet werd gefouilleerd bij binnenkomst; het steekwapen was zeker in beslag genomen. De Rijk ziet met zijn professionele oog meteen wat er loos is in de elektraruimte. De diagnose: een kapotte tijdsklok in een van de schakelaars. „Tijd om die te vervangen was er natuurlijk niet”, besepte hij heel goed. „Er was maar één oplossing: indrukken met een schroevendraaier.”

De Rijk wierp zich op als de redder in nood. Stond een uur in het schakelhok. Doodstil. Bij een beetje beweging zou de lamp weer uitvallen en dan was het lëtterlijk einde wedstrijd. „Daar was ik me van bewust”, zegt hij nu. „Dus tuurlijk, ik stond best onder spanning. Maar dat andere supporters de schroevendraaier zouden overpakken – dat boden ze wel aan – leek me niet verstandig. Als dat verkeerd gaat, kun je het schudden. Het duurt een kwartier voor zo'n lamp weer warm is. Ach, het was lekker warm in het hok. In ieder geval beter dan buiten.” (bron: Noordhollands Dagblad)

Gerard

Yn de foarige edysje hienen wy hjir in prachtige foto fan Eeltsje Postma wêr 't massaal op reageard waard. Wy hawwe it no probeare mei de meast fotosjenike man fan Easterein: Gerard van Asselt. Ek no binne wy wer wiis mei jim bydrages dy 't jim ús maild hawwe:

Sjoerd van Beem:

- Bonfire? Wa(t) wie dat? Londen 2012, ik kom der oan!
- Gerie's hekwerk, foar al jo ûndogenske bern.
- Ik bin in 'Womani(i)zer!



Antsje Stenekes

- Oe oe oe aaah
aah aaah aaah!!
(Gelûd wat in aap makket)
- Bokito noch steeds achter de stekken, de agressie nimt net ôf, der wurd al praten oer in spuitsje.
- De earste gevangene die troch de tralies hinne past!!

Jouke en Dukke van der Weij

- “Leuk dat ik mei doch yn de film *Bit*, mar ik ha it net dien”

Johan van de Graaf:

- ”Helluuuuppp, ik miende dat Guantanamo Bay sluten wie”.

Bote Strikwerda:

- Gerard "*Wentworth Miller*" van Asselt de nieuwe hoofdrolspeler in *Prison Break Easterein*

Fam. Scheltema:

- "*Gerard start as earste yn alfstedentocht*".
- "*Bokito hie in frije dei*".
- "*Van Asselt net te let foar foarferkeap Eastereiner Music Night "You'll Never Rock Alone" mei de popmuzikanten fan Easterein Rocks en Korps Wilhelmina op 28 februari*".

Tsjalling Sikma:

- Colombiaanse rebellengroepering **Farc** laat Nederlandse gijzelaar Gerard v. A. na drie jaar vrij.

Jan Stenekes

-Blommenterrorist op'e nij efter de tralys

-GGZ: Swaksinnige jeugd steeds faker yn isoleercel

Piet Kempe:

-“Zie ik het goed? Is het nu familie of niet.”

Willem Wijnia

-“Sit ik oan dy tralys, begjint it ferdikke te friezen.....” (WW)


Mei de freonlike groeten fan E.P.!

Op sneon 31 jannewaris gie de seleksje fan SDS 2 te stappen yn Heerenveen nei earst by de Pizzeria iten te hawwen en by it iishockeyen fan de Flyers west te wêzen. Sy wienen moai fuort(ûndanks it ferlies fan de Flyers) en bedarren yn kafé Bak. Sy koenen dêr moai Ajax – SC Heerenveen noch efkes sjen op it grutte skerm. Dat Heerenveen ek noch de 3 punten pakte yn Amsterdam makke it allegear noch moaier. Ien SDS'er tocht dêr oars oer. Hy as Ajax-supporter baalde flink. Doe 't in skoft letter de hiele seleksje fan SC Heerenveen ek noch by harren yn kafé Bak kaam wie it kafé fansels hielendal te lyts. Dizze SDS'er gie gau nei bûten om ôf te kuoljen en efkes ien te smoken. De moandeis lêdden wy dit yn de krante:



Popov met slok te veel op achter het stuur

Van onze Telesportredactie



HEERENVEEN - Goran Popov is zaterdagochtend aangehouden door de politie. De voetballer van SC Heerenveen reed met twee lekke banden tegen het verkeer in, in het centrum van Heerenveen. Bij zijn aanhouding bleek de Macedoniër bovendien te veel gedronken te hebben.

Het is nog onduidelijk of Popov, die dit seizoen dertien wedstrijden speelde voor Heerenveen, moet voorkomen. Wel moet de 24-jarige voetballer meedoen aan de cursus Educatieve Maatregel Alcohol. Dit meldt Omroep Friesland.

Goran Popov Foto: Dijkstra b.v.

(WW)

Yndieling E en F pupillen

1.	Foarut E1
2.	LSC 1890 E4
3.	Mulier E1
4.	ONS Sneek E2
5.	SDS E1
6.	Waterpoort Boys E1

1.	Franeker SC F2
2.	JV Bolsward F3
3.	Makkum F2
4.	SDS F1
5.	Zeerobben F3

1.	Franeker SC E2
2.	Franeker SC E3
3.	Makkum E3
4.	RES E4
5.	SDS E2
6.	Zeerobben E2

1.	Dronrijp F2
2.	Mulier F2
3.	SDS F2
4.	SneekWit-Zwart F3
5.	TOP'63 F2
6.	Zeerobben F4

1.	JV Bolsward E4
2.	LSC 1890 E6
3.	Oosterlittens E3
4.	SDS E3
5.	Scharnegoutum'70 E3
6.	SneekWit-Zwart E7

1.	IJVC F3
2.	JV Bolsward F6
3.	Nijland F3
4.	Oosterlittens F1
5.	RES F3
6.	SDS F3

1.	Joure SC E7
2.	LSC 1890 E5
3.	Mulier E2
4.	SDS E4
5.	SneekWit-Zwart E9
6.	Stormvogels'64 E1

1.	FVC F6
2.	GAVC F7
3.	Nicator F2
4.	Rood Geel F5
5.	SDS F4
6.	Warga F4

1.	Balk E4
2.	GAVC E5
3.	Joure SC E5
4.	OudegaHJSC E4
5.	SDS E5
6.	Scharnegoutum E2

Yndieling D pupillen

1.	Irnsom D2
2.	Makkum D2
3.	ONS Sneek D2
4.	Oosterlittens D4
5.	SDS D1
6.	SneekWit-Zwart D2

1.	Franeker SC D3
2.	JV Bolsward D4M
3.	LSC 1890 D5
4.	RES D3
5.	SDS D2
6.	Tzummarum D1

SDS 6

It wie spitich dat de KNVB sneon 7 febrewaris kategory B fan it amateurfuotbal ôflaste. SDS 6 hie namelijk sawiesa foar it earst los kinnen yn de kompetysje as de KNVB dit net dien hie. Sy moasten namelijk út tsjin Leeuwarder Zwaluwen 11. Dêr yn Ljouwert wurdt eins altiten fuotballe om 't sy dêr op kuenstgers spylje.

SDS 6 is terjochte kommen yn de 6e Klasse J (SDS 4 sit yn K en SDS 5 yn L). Dit wie de stân doe 't sy deryn stapten:

#	Elftal	G	W	GL	V	P	DPV	DPT
1.	Heeg 4	9	9	0	0	27	46	10
2.	Scharnegoutum'70 4	10	6	1	3	19	48	30
3.	HJSC 3	9	6	0	3	18	29	28
4.	AVC 4	7	4	2	1	14	34	16
5.	Tzum 3	9	4	2	3	14	20	21
6.	Zeerobben 5	10	4	2	4	14	18	32
7.	NOK 4	11	4	2	5	14	36	34
8.	Blauw Wit '34 10	10	4	1	5	13	39	41
9.	Leeuw. Zwaluwen 11	10	2	1	7	7	22	41
10.	Walde De 3	9	1	1	7	4	17	35
11.	Franeker SC 8	8	1	0	7	3	11	32

Om 't SDS 6 no pas yn de kompetysje stapt is telle de útslagen fan SDS 6 net mei yn de stân. Hie dit wol sa west dan hie SDS miskien ek noch wol ôfstân dwaan kinnen fan de ûnderste plakken.

Op de webside fan SDS kinne je eltse wike sjen wa 't der mei SDS 6 meigean te fuotbaljen. Dizze seleksje sil heechstwiarskynlik foar in grut part wikseljend wêze.

(WW)

Wy hyve mei.....

Hyven met wijven!!

Of op syn 058's sein:Hieven met wieven.
Dit kear slaan we in slach yn 'e rûnte yn de
hyve-wrld fan de SDS-froulje.
Sa sil wy de persoanlike gegevens ûntlede
fan :

Margriet Rienstra.
Mirije van Urk.
Antsje Stenekes.



Margriet Rienstra:

Margriet is in echte Eastereinder sinds in pear moanne. Se is 23 jier en wennet tegearre mei harren freun Tsjerk Poli(blabla)tiëk.

Teminste,as ik harren hyvepagina opkom, stiet se grutsk mei him op de foto. Under harren hobby koe ik net underut. Hynders! Oeral wer ik sjoch bin hynders. En in ferdwaalt huntsje. Sels har krabbels gean oer hynders.

Laatste krabbel fan Gemm:

He,ik ga alleen zaterdag met de meiden vinden ze leuk. Kunnen ze Onne in beetje poetsen en Beart ook. Maar ze doen liever Onne die is wat makker en jij,ga jij wel alle dagen?Zie je zaterdag dan wel. Groetjes Gemma.

Ik nim oan dat dit oer hynders giet...

Neist dizze hobby is der ek noch tiid foar Sport,wintersport,swemme en strân. Margriet is in echte komediefreak. Harren topfilms bin American Pie, Dumb and Dumber(tevens Sjoerd,us medetrefferskriuwer,syn favouriëte film) en noch in reekske.

Mei 158 hyve-freunen tink ik dat Margriet in modaal oantal freunen hat.

Mirije van Urk:

It is dúdlik. Mirije,in reis-fanaat. Harren profiel bestiet út sinne, strân en lange dagen. En se is ek noch ris populair. Mar leafst 431 freunen op hyves. Dit is net mis. Sterker noch,in nij SDS-hyve-PR!Mirije sil rjochting Terschelling sa jout se dit oan op har WIE,WAT,WAAR



systeem. Derunder kom we wat tsjin, wat nea earder is brukt foar disse nije rubriek. Tikken. Tikken bin lytse boadskippen nei in mede-hyver.

Dit bin de leatste trije tikken die Mirije hat inkasseert:

1. **Jeroen** Zwaait naar zijn buurvrouw
2. **Janny** is jaloers op Mirije
3. **Hendrik** in November moeten wij maar eens op stap :p

Hjirnest is der noch in greute fotocollage fan har reade miniauto. Tal fan hobby's, merken, films en besigheden. In faam die net stilsit dus!!



Antje Stenekes:

Ik iepenje har profiel en it is dúdlik dat sy net folle tiit spendeert oan hyves. It is wol in feit dat it goed giet mei Antje. Teminste op de foto te sjen stiet se mei twa tommen yn e loft en in sinaasappel yne mule. Disse foto is fast flitst op locatie mei fesnaperingen. Ien kear nei beneden ta te skrollen kom ik der efter dat se net hobby's hat en nea oars docht dan wurkje bij de ETOS.

Gelokkich wurd der noch wol ris krabbele en tikt.

Foarnamelik Christiaan krabbelt der op los en toch oan de krabbels te leazen, liket it der op dat Antsje spilet yn in band. Spytich genôch wit ek Christiaan net mear hoe de band hjit.

Leatste trye tikken by Antsje:

1. **Janneke** heb je zin in een bakje koffie met een chocolaatje Antje?
2. **Geertje** wat een prachtige foto hahaha
3. **Janny** vraagt zich af of de heksenjurk past

Alwer hiel wat mear te witten kaam yn de wrald fan it toch wol mysterieuze Hyves.

De folgende treffer nim we wer in oantal kandidaten under skot. Wolst do ek mei dyn tikken, dreunen en krabbels hjir yn stean. Oanmelde en rap!

(GvA)

Poeisz sponseraksje

Fanôf 2 febrewaris oant 'e mei 28 maart kinne der wer sponsormunten garre wurde foar SDS. By elke € 10.00 oan boadskippen en bij 80 sponsorpordukten ûnfange jo een gratisjeugd sponsormunt. Stopje dizze munt yn de koker fan SDS. Hoe meer jeugd sponsormunten wy sammelje, hoe heger it



sponsorbedrag wurde sil. De munten kinne ynleverje wurde by Poiesz yn Skearnegoutum, dêr stiet ús koker. Doch allegear mei en dan sille we sjen hoe't SDS scoort.

Tsjinprestaasje

Sneon 21 febrewaris sille de famkes fan SDS harren tsjin prestaasje dwaan foar de Poiesz aksje. Fanôf 10.00 oant 12.00 oere binne se aktief op it parkeerplak fan Poiesz Skearnegoutum. It soe moai wêze dat der alwat oanhing fan SDS bij oanwezich is. As jo dan ek noch wat boadskippen bij de Poiesz dogge, dan kinne de jeugd sponsormunten moai yn de koker fan SDS. Alfêst bedankt.

Jeugdkommisje SDS



Trefferkes

Wa makket

Powerpointprogramma?

Wa wol it Powerpoint programma op tongersdeitejûn of sneontemoarn om 8.30 oere yn de kantine meitsje?

Wolle jo mear witte dan kinne jo ynformearje bij Enne Bruinsma ennebruinsma@wanadoo.nl

Willem 2

Foarige wike kaam Willem Overal by ien fan de wepmasters oan de doar. Lytse Pieter die de doar iepen en draafde nei syn heit; *“heit, Willem twee is der.....”*

Frijwilligers socht foar it

Draaiend Rêd

Sa 't jim witte wurdt der nei eltse thúswedstryd fan SDS 1 oan it draaiend rêd draaid, wêr 't aardige pryskes mei te winnen binne. No is SDS noch altiten op syk nei frijwilligers dy 't dit graach op harren nimme wolle. Hawwe jim ynteresse om dit in kear te dwaan mail dan nei info@vv-sds.nl of nim kontakt op mei ien fan it bestjoer!

Picasso

Foarige wike hat de kalkploech oefene. Dat wie goed slagge. Uteindelik untearde dat yn in Picasso-achtig resultaat



Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Koos Plantinga(tel:0515-332448)

Trefferke

Hjir hie dyn Trefferke stean kind!
Mail leuk nijs nei :
detreffer@vv-sds.nl

www.vv-sds.nl

**Utslaggen, programma's,
foto's, filmkes
en alle dagen nijs!**

Aginda

Wannear?	Wat ?	Hoe let?
Sneon 14 febrewaris	SDS 1 – Olympia '28	14.30
	of oefen: Mulier 1 - SDS 1	
Snein 15 febrewaris	Ajax - Feyenoord	12.30
Sneon 21 febrewaris	Heerenveense Boys 1 - SDS 1	14.30
	Oefen: NOK 1 - SDS 1	14.30
Sneon 28 febrewaris	Nijland 1 - SDS 1	14.30
	of oefen: Trynwâldster Boys 1 - SDS 1	14.00
	PSV - SC Heerenveen	20.45
	Eastereiner Music Night "You 'll never Rock alone" yn kafé Bergsma	21.00
Sneon 7 maart	SDS 1 - WPB	14.30
	SC Heerenveen - FC Groningen	18.45
Snein 8 maart	Ouwe-lullen-toernoai yn 'e sporthal	13.00
Sneon 14 maart	LTC 1 - SDS 1	14.30
Tiisdei 17 maart	Gearkomst T.K.-senioaren	19.00
Sneon 21 maart	Beker/inhaal (SDS 1 – Olympia 1 of VHK 1?)	
	Ôfskiedskonsert Pigmeat yn Jirnsum	
Sneon 28 maart	SDS 1 - Hollandscheveld 1	14.30
Woansdei 1 april	Trefferkopij ynleverje	
Tongersdei 2 april	Treffergearkomst	21.30
Sneon 4 april	wv Olde Veste 1 – SDS 1	14.30
Sneon 11 april	Oeverzwaluwen 1 – SDS 1	14.30
Moandei 13 april	Aaipop	

SDS-sjaal

Dizze prachtige SDS sjaal is foar 12 euro te keap en te krijen by

Tineke Vink

De Singel 30a

Easterein

0515-333134

famviea@hetnet.nl

